

## **Preek oer Heidelberchse Kategismus snein 10**

(Oerterp, 18-8-02; útstjoering 25-8-02; foar dizze bondel ynkoarte)

Ps.95:1,2,3

L Psalm 23

Ps.107:15,16,19

T HK snein 10

Ps.121

Apostoaalske leauwensbelidenis

Ps.115:1,2,4

Ges.466 (K)

Fraach 27: Wat ferstiesto ûnder Gods foarsjennichheid?

Antwurd: De almachtige en oeralbywêzige krêft fan God, wêrtroch't Er himel en ierde en alle skepsels as mei syn hân ûnderhâldt en sa regearret, dat krûd en gers, rein en droechte, fruchtbere en ûnfruchtbere jierren, iten en drinken, sûnens en sykte, rykdom en earmoed, ja alle dingen ús net by tafal oerkomme, mar troch syn Heitehân ús barre.

Fraach 28: Wat jout it ús, dat wy witte dat God alles skepen hat en noch troch syn foarsjennichheid ûnderhâldt?

Antwurd: Dat wy yn alle tsjinstuiten geduldich en as it ús foar de wyn giet tankber binne, en foar de takomst ús betrouwen stelle op ús trouwe God en Heit, mei't wy fêst witte dat der neat is dat ús fan syn leafde skiede kin. Want alle skepsels binne sa yn syn hân dat sy tsjin syn wil net omheisterje of har bewege kinne.

(oersetting: F.Dykstra/P.Hekstra/D. de Jong)

Gemeente fan 'e Heare Jezus Kristus,

“It is de skuld fan God”. Dat wie, in jier of wat ferlyn, de titel fan it krystnoemer fan De Groene Amsterdammer, ûnôfhinklik wykblêd sûnt 1877. Dat like de hearen redakteuren in moai tema om yn 'e tsjustere dagen foar kryst wat oer te stinnen. “Want”, skriuwe sy, “feitliks is alles de skuld fan God. De God dy't al tûzenen jierren de ierde tirannisearret en in syn ûnbegryplike goedheid it grutste part fan 'e minsken yn earmoed en ferdjer stoart hat”.

Men kin fansels oan 'e skouders lûke om safolle kweawillich misbegryp. En dochs soe dat wat goedkeap wêze. Want wurdt hjir net de konklúzje lutsen út wat wy belide in snein 10 fan 'e Kategismus? Dêr stiet it dochs: dat net allinnich rein, fruchtbere jierren, iten en drinken, sûnens en rykdom, mar ek droechte, ûnfruchtbere jierren, sykte en earmoed, ja, alle dingen ús net by tafal oerkomme, mar troch syn Heitehân ús barre. Dan ha dy minsken fan De Groene Amsterdammer dochs gelyk at sy skriuwe oer God dy't in syn ûnbegryplike goedheid it grutste part fan 'e minsken yn earmoed en ferdjer stoart hat? As God yn alle dingen de hân hat, dan kin men der dochs net ûnder wei dat feitliks alles de skuld fan God is?

Dochs sil it de measten fan jo, hjir yn tsjerke of thús foar de radio, gril oer de lea gong wêze doe't ik jo út it krystnoemer fan De Groene Amsterdammer foarlies. It docht ús sear at der sa oer ús himelske Heit skreauwen wurd. Mar wêrom docht ús dat sear? Omdat we hielendal net leauwe dat ek hongersneed, deadlike sykten, oarloch, oerstreamings fan God komme? Mar dat stiet dochs wol in snein 10. Foar in protte minsken is dat sels harren lêste hâldfêst. Dat as sy ferskrikkelike dingen meimeitsje dy dingen harren troch Gods hân oer komme. Want dan is it noch earne goed foar. God sil der syn goede bedoelings wol mei ha, ek al sjogge wy dy net. Mar troch te leauwen dat dy goede bedoelings der ál binne, binne de ferskrikkelike dingen dy't wy meimeitsje teminsten net sinleas. Soe men harren ûntstride wolle dat God de hân hân hat yn it leed dat oer harren kaam, dan soenen in protte minsken it gefoel krije dat sy oerlevere binne oan de sinleasheid. Dan stoart har wrâld yn. Ynhâldlik jouwe sy de skriuwers yn De Groene Amsterdammer wol gelyk: alles is de skuld fan God. Allinnich soenen sy dat sels noait sa sizze. Want sa mei men net prate. God is God en wy binne mar minsken. God is de pottebakker en wy binne it liem. As God mient dat dat lijen goed foar ús is, wat sille wy dêr dan kwea fan sprekke? Job hat dat ek dien, mar de Heare antwurde him: "Wol de lekskoaier wier mei de Almachtige foar it rjocht? Lit de wiisprater tsjin God der mar ris op antwurdzje!" Doe joech Job de Heare beskie: "Sjoch ik bin sa'n bytsje mânsk, wat sil ik Jo dêrop weromjaan? Ik moat my stilhâlde. Ienkear haw ik it wurd fierd, ik doch it net wer; twa kear sels, mar ik gean der net mei troch!" (Job 40,1-5)

Dat soe betsjutte dat it op himsels gjin misse slach is fan De Groene Amsterdammer dat sy God oeral de skuld fan jouwe. Harren misfout is dat sy dêr kwea fan sprekke. Oars sein: har misfout leit net by it earste fraach en antwurd fan snein 10, mar by it twadde. Dêr stiet ommers dat wy in tsjinstuiten net in grutte mûle tsjin God opskuorre meie, mar geduldich wêze moatte.

No binne der genôch kristenen dy't it hielendal net mei De Groene Amsterdammer iens binne dat dy God oeral de skuld fan jout, omdat sy it ek net iens binne mei it earste fraach en antwurd fan snein 10. Yn datselde noemer stiet ek in ynterview mei in otterdoks herfoarme dûmny. Dy tsjûget yn dat ynterview fan syn leafde foar de Heidelberger Kategismus. Allinnich snein 10, dêr kin der neat mei wurde. Hy seit: "Dêr stiet dat it allegear út Gods Heitehân komt; sûnens en sykte. Wy moatte in tsjinstuiten mar geduldich wêze en as it ús foar de wyn giet tankber. Dan sprekt it âlde doopformulier my mear oan: God wol ús mei it goede fersoargje en it kweade ôfkeare of ta ús bêst beteare litte. Dêr kin ik it wol mei iens wêze". Wat is dan it ferskil? No, yn it doopformulier wurd tuskenbeide litten wêr't it kweade wei

komt. It seit allinnich mar dat God it ta ús bêst betoare lit. Dat Hy makket net it kweade, mar Hy makket it kweade goed. Wat fan himsels sinleas is jout Hy sin. Wat nearne goed foar is is úteinlik dochs earne goed foar. Wat gjin inkel doel tsjinnet, makket Hy tsjinstber oan it kommen fan syn Keninkryk.

Wurd it dêr no better fan? Dat je besykje Gods hân bûten it kweade te hâlden? Op it earste each liket dat wol oantreklik. Want in God út wa syn hân net allinnich it goede komt, mar ek it kweade, wol ik sa'n God wol tsjinje? No moat men mei sokke útspraken wol oppasse. Want foardat men it yn 'e rekken hat, hat men in God makke nei syn eigen byld. Wy moatte God lykwols nimme sa't Er, neffens syn wurd, is. En dan lêst ik bygelyks yn Jesaja 45: "Ik bin de Heare, in oaren is der net, bûten My is der gjin inkelde God. Ik meitsje it ljocht, Ik skep it tsjuster, it goede is myn wurk, it kweade dat skep ik ek, Ik de Heare doch dat allegearre" (45,5.7). Sa praat ek de Prediker yn syn boek oer God. Hy seit yn haadstik 7: "Biskôgje it wirk fen God, hwent hwa kin rjucht meitsje hwet Hy krûm makke hat? Wêz wol to moede de deis fen 'e foarspoed, en bitink de deis fan 'e tsjinspoed: it iene sawol as it oare hat God makke" (7,13.14, yn 'e âlde oersetting). En yn Psalm 39 seit in man of in frou dy't alhiel ferbjustere is troch it ûnheil dat him of har pleaget: "Ik besau, ik doch gjin mûle iepen, want Jo hawwe it dien" (Ps.39,10).

No docht dizze man of frou gjin mûle iepen as Gods hân him of har slacht, mar sa binne sy yn 'e Bibel net allegearre. Wy fine yn it wurd fan God ek kleilieten. Der is sels in boek mei dy namme: de Kleilieten fan Jeremia. Dêryn wurde foar ús gefoel ferskuorrende dingen oer God sein: "Hy is foar my in bear dy't op my loert, in liuw dy't op 'e skûl sit. Hy liet my gjin útwei en hat my ferskuord en my as in púnfal achterlitten" (3,10.11). Mar tagelyk seit dyselde Jeremia: "It is noch net út mei de genede fan de Heare en syn barmhertigens is noch net oan 'e ein; dy binne elke moarn wer nij en jo trou, o God, is grut. Ik sil sizze: 'De Heare is alles wat ik haw, dêrom sil ik op Him hoopje'" (3,22-24). Miskyn meitsje jo dizze omslach yn it kleiliet fan Jeremia net ynienen mei. Mar at jo der wat langer oer neitinke dan is dy omslach dochs sa frjemd net as it op it earste each liket. Want it hat gjin inkelde sin jins by God te bekleien at Hy der ek neat oan dwaan koe. As ik kweade bûten Him om gean soe, dan hie God tsjin Jeremia sizze moatten: "Do bist mei dyn klachten oan it ferkearde adres. Do moast net by My wêze".

Mar by wa moat men dan wol wêze? By de duvel? Foar guon kristenen is dat de oplossing. Sy meitsje der in soort boelpart fan: it goede komt fan God en it kweade fan de duvel. Mar úteinlik ferskoot men sa allinnich it probleem mar. Want as de duvel achter it

kwea yn 'e wrâld sitte soe, wêr is God dan? Hat Hy de duvel dan net yn 'e macht? Is dy dan sterker as God? Of like sterk? Der binne genôch minsken yn 'e wrâld dy't sokssawat leauwe. Dat der in goede en yn kweade God is, dy't inoar yn 't lykwicht hâlde moatte. Sa tochten yn 'e earste ieuwen nei Kristus de Manicheeërs, dy't wy noch tsjinkomme yn artikel 9 fan 'e Nederlânske Leauwensbelidenis, sa tochten yn 'e lette midsieuwen de Katharen, wêr't ús wurd "ketter" fan ôflaat is, sa tinke tsjintwurdich oanhingers fan easterske godstsjinsten. Jo kenne dat wol, fan dy kandlers dy't út in wite en in swarte helte besteane, dêr't men waksinepitsjes yn brâne kin: yin en yang. No, dat is gjin kristlik symboal. Want ek al wit ek it kristlike leauwen dat it kweade in macht is dy't boppe ús útgiet, dy macht is gjin God. Sa't it twadde fraach en antwurd fan snein 10 seit: alle skepsels binne ommers sa yn syn hân, dat sy tsjin syn wil net omheisterje of har bewege kinne.

Wy moatte dat twadde fraach en antwurd net ferjitte at wy it oar snein 10 fan 'e Kategismus hawwe. Oars dan wurd it yndie allegear de skuld fan God. Mar dat minsken ek harren eigen ferantwurdlikens ha, dat ûntkent de Kategismus hielendal net. De Kategismus hâldt ek romte foar it wurd fan de apostel Paulus: "De skepping is ûnder de sinleazens rekke" (Rom.8,20a) en dat de natuer sûnt dy tiid op 'e rin slein en gewelddiedich wurden is. De Kategismus wit ek fan de duvel dy't, njonken de wrâld en ús eigen sûndige ik, net ophâldt ús oan te fechtsjen. Mar seit tagelyk: dy skepsels binne sa yn syn hân, dat sy tsjin syn wil net omheisterje of har bewege kinne.

Op it earste gehoar makket dy lear ús opstannich. Dat wie by minsken út de Bibel al sa. Mar as jo jo ellinde foar God út raze, dan binne jo oan it goede adres. Want dat kweade is net bûten Him omgien. Tink jo ris yn dat dat ál sa wie. As Hy der ek neat oan dwaan koe, *kin* Hy der dan wol wat oan dwaan? As Hy it ek net helpe koe, *kin* Hy jo dan wol helpe? In Jeremia bekleit him oer de hân fan 'e Heare, mar krijt him der ek oan beet. En snein 10 fan 'e Kategismus seit it him nei: de hân fan God is der, ek yn it lijen. Dy hân hâldt my beet, yn goede en yn kweade dagen, yn sûnens en yn sykte, yn rykdom en yn earmoed, yn libben en yn stjerren. Ut dy hân kin gjin skepsel my losskuorre. En dan hellet de Kategismus dat treastlike wurd fan Paulus yn Romeinen 8 oan: "Want ik bin derfan oertsjûge, dat noch dea noch libben, noch ingel noch boppe-ierdske hearskers, noch hjoed noch takomst, noch oare machten, noch hichte noch djippe, noch watfoar skepsel ek, ea ús skiede kin fan Gods leafde yn Kristus Jezus, ús Hear" (8,38.39). Want, seit de Kategismus, ek dy machten dy't besykje my fan God los te weakjen hat Hy yn 'e hân. En dêrom kin it ek nea út 'e hân rinnen. Want net allinnich ik bin yn Gods hân, dy kweade machten binne dat likegoed.

Op dy belidenis rint snein 10 út. Mar yn 'e praktyk wurde de wjukken fan dit evangelje nochal ris kerte. Dan hâldt men net mear oer as: God hat oeral de hân yn. Dan is men lykwols te betiid ophâlden mei lêzen en giet dat bekende sintsje in eigen libben lizzen: “dat alle dingen ús net by tafal oer komme, mar troch Gods Heitehân ús barre”. Mar soe ús belidenis hjir wier net mear djipgong ha as algemienheden as: “tafal bestiet net”, “it hat sa wêze moatten”, “it mei blykber net sa wêze” en “it sil wol earne goed foar wêze”? Men hoecht net yn God te leuwen om sokssawat sizze te kinnen. Minsken dy't net oan 'e tsjerke dogge kin men itselde sizzen hearre. Men hoecht ek net kristlik te wêzen om sokssawat sizze te kinnen. Joaden en moslims kin men itselde sizzen hearre. Mar wy hawwe yn snein 10 net te krijen mei de belidenis fan in soart fan algemien foarsjennichheidsleuwen, mar mei de belidenis fan it leuwen yn de God en Heit fan Jezus Kristus.

Yn snein 10 wurdt de namme fan ús leave Heilân net neamd. Mar dat betsjut net dat men ek sûnder yn Jezus Kristus te leuwen snein 10 wol ûnderskriuwe kin. Want yn snein 10 wurd trochfrege op de belidenis fan in wike earder: snein 9. Dêryn stiet dat de ivige Heit fan ús Heare Jezus Kristus (dy't himel en ierde mei alles derop en deroan út neat skepen hat en noch troch syn ivige riedsplan en foarsjennichheid ûnderhâldt en regearret) omwille fan syn Soan Kristus myn God en myn Heit is. Wy leuwe mar net yn in God dy't alles bestjoert, mar yn in God dy't yn alles ús Heit is. Want God hat syn Soan nei de ierde stjoerd. Hy is in minske wurden as wy mei it doel dat wy Gods bern wurde soenen as Hy. God woe ús Heit wêze sa't Er Kristus' Heit wie. En at wy Jezus Kristus oan it krús hingjen sjogge, troch God en minsken ferlitten, dan witte wy dat God der wier alles foar oer hie om dat mooglik te meitsjen. Om ús de hel, dat is de ultieme Godferlitten iensumens, te besparjen, hat Er syn Soan net sparre, mar foar ús alle gearre oerlevere. En dan skriuwt Paulus earne: “Hoe soe Er ús mei Him dan net alles út genede jaan?” (Rom.8,32). Dat is de belidenis fan Gods foarsjennichheid. Mei de wurden fan snein 9: omdat God sels syn eigen Soan net sparre, mar foar ús alle gearre oerlevere hat, betrou ik sa op Him dat wy net twivelje of Hy sil *foarsjen* yn alle gerak foar ús lichem en siel. Yn dat ferbân stiet dat ferneamde sintsje dat alle dingen ús net by tafal oer komme, mar út Gods Heitehân ús barre. Dat betsjut folle mear as: “tafal bestiet net”. It betsjut: wy binne mar net oan it tafal oerlevere, mar wy binne oan God oerlevere. In God dy't syn eigen Soan oerlevere hat om troch alles hinne ús Heit te wêzen. Wa't Kristus trochboarre hannen foar syn eagen sjocht, dy wit: Gods beskermjende hannen binne boppe my en Gods dragende hannen ûnder my. Syn hân is der, troch alles hinne. Yn goede, mar ek yn minne dagen. Dy hân hâldt my beet. Ut dy hân kin neat en nimmen my losskuorre. Want ek dat neat en ek dy nimmen hâldt Hy yn 'e hân. En dêrom rint it nea út 'e hân.

Snein 10 beliedt royaal Gods Heitehân, ek yn it lijen, sûnder himsels ôf te skermjen tsjin it oerflakkige misbegryp fan: “Alles hat sa wêze moatten”, of tsjin it kweawillige misbegryp fan: “Alles is de skuld fan God”. Ik bin der bliid om dat de kategismus de boel net deuansearret. Want dan wie it in prakkesearderige earmoederij wurden. Wylst no de bliidmoedigens der fanôf strielt.

Sa royaal, sa bliidmoedich tsjûge fan Gods hân, dat is troch en troch bibels. Tink bygelyks nochris oan dy bekende Davidspsalm dy’t wy mei inoar lêzen ha: “De Heare is myn hoeder, neat bin ik brek”. Wannear seit David dat? Oan it ein fan ‘e reis? At er, nei in barre tocht troch de woestyn, him lang om let deljûn hat yn griene greiden en ta himself kaam is oan fredige wetters? Nee. Hy seit dat ek as er troch in delling fol djippe skaden gean moat: “neat bin ik brek. Want”, sjongt er, “Jo binne deun by my”.

Soenen jo, soesto dat ek sa sjonge kinne: “neat bin ik brek”, as jo in tryst sin hawwe, as jo jo man, jo frou sa ferskrikkelik misse, as jo oant no ta allinnich bleauwen binne, as jo jo allinnich fiele, ek as der wol minsken om jo hinne binne, op it wurk, op skoalle, yn tsjerke, as jo sels ek leauwen geane dat jo gjin stoer wurdich binne, as jo op bêd lizze en sa graach wer better wurde woenen, as jo... neat bin ik brek? Soe dat net wat suniger moatte?

Nee, dat hoecht net, myn broer, myn suster. Jo kinne dat ek sizze: neat bin ik brek. Mar dat kin allinnich at jo Gods antlit ek sykje yn it gebed. It is hiel opfallend dat der yn fers 4 net praat wurd *oer* de Heare, mar *mei* de Heare. Oant no ta wie der hieltiten sprutsen *oer* de Heare:

*De Heare* is myn hoeder, neat bin ik brek,  
troch *Him* mei ik lizze yn griene greiden,  
*Hy* bringt my by wetters dêr’t ik rêst fyn.  
*Hy* lit my wer ta mysels komme,  
*Hy* liedt my op rjochte paden  
om ‘e wille fan *syn* namme.

Mar dan seit David net:

Al gean ik troch in delling fol djippe skaden,  
ik bin net bang foar ûnheil,  
want *Hy* is deun by my.

Nee, hy hat it ynienen tsjin God sels:

*Jo* binne deun by my.

Oer Gods foarsjennichheid kinne wy gjin ferstannich wurd sizze at wy gjin persoanlike omgong my Him hawwe. It is, om sa te sizzen, gjin objektive wierheid. Ien dy't net leaut kin net sizze dat ek kweade dagen, ek earmoed, ek sykte, ek de dea, him troch Gods Heitehân barre. Hy kin wol sizze: it hat sa wêze moatten. Hy kin miskyn ek wol sizze: God hat my dit allegear oandien. Mar hy kin net sizze dat dy dingen him út Gods Heitehân bard binne. En dat is de belidenis fan snein 10. Dy belidenis is allinnich wier at jo fan de Heare hâlde. At jo de Heare út en troch fertrouwe. At jo God yn Jezus Kristus kennen leard hawwe as in Heit troch alles hinne.

“Al gean ik troch in delling fan djippe skaden,  
ik bin net bang foar ûnheil,  
want Jo binne deun by my,  
jo stok en jo stêf,  
dy fertreaste my”.

Dat binne sokke bekende wurden, dat it ús net mear opfalt dat dat lêste wol in bytsje frjemd is. Hoe kin men no fertreaste wurde troch Gods stok en stêf? Dat wurd 2 fersen fierderop útlein: “Kleare goedens en geunst sille my folgje al myn libbensdagen”. Dat is ek wer wat nuver. Folge wurde troch goedens en geunst, hoe moat ik my dat yntinke? No, feitliks binne de tiidwurden “fertreaste” en “folgje” ferwiksele. Dat kin yn in gedicht. Om it begripte te kinnen soe men dy wurden werom ferwikselje moatte. Dan stiet der yn fers 4:

“Al gean ik troch in delling fan djippe skaden,  
ik bin net bang foar ûnheil,  
want Jo binne deun by my,  
jo stok en jo stêf,  
dy *folgje* my”.

Dat byld is ál dúdlik. Mei syn stok en stêf driuwt de hoeder syn keppel de goede kant út, nei de griene greiden en de fredige wetters. De wei dêrhinne giet somtiden troch djippe dellings. Mar de skieppen witte yn sa'n benaude, tsjustere ingte de hoeder achter harren.

No, seit de dichter, sa wurde wy troch Gods goedens en geunst folge. Wy sjogge God somtiden net. En al hielendal net as Hy ús troch djippe dellings gean lit. Dy wei hienen wy net útkard. Mar dochs meie wy sizze: “ik bin net bang foar ûnheil, want Jo binne deun by my, jo stok en stêf, dy fertreaste my”.

No binne der ek minsken dy't, as sy in delling fol djippe skaden yndreauwen binne, net as David sizze kinne: “neat bin ik brek”. Dy't it as Jeremia útraze: “God liet my gjin útwei

en hat my ferskuord”. Miskyn werkenne jo josels mear yn Jeremia as yn David. Mar werkenne jo josels dan ek yn ‘e Jeremia dy’t úteinlik dochts seit: “De Heare is alles wat ik haw, dêrom sil ik op Him hoopje”? Wy binne mei ús klachten by God oan it jústte adres. Mar wy kinne mei ús wêroms ek lykje op skiep dy’t mei harren hoeder in diskusje oangean oer de fraach wêrom hy har no krekt troch in tsjustere delling liede wol. Mar wy moatte wol fierder. Nei dy griene greiden en dy fredige wetters. En ús hoeder is sels skiep west. Hy is troch de djipste djipten hinnegong. Harkje dan nei Him, as Hy seit: “Gean no mar. Ik wit de wei”. Freegje Him mar: “Jo bliuwe dochts wol by my? Dan bin ik net bang foar ûnheil. Al gean ik troch in delling fol djippe skaden”. Ek ús fertreaste syn stok en syn stêf. Ek ús sille klare geunst en goedens folgje al ús libbensdagen. Want wy hawwe it krús fan Jezus Kristus yn ‘e rêch.

Amen.